

SDS is kampioen

*Refr SDS is kampioen,
elkenien sjongt mei yn koar.
SDS dat is de club,
de kampioen dêr gean wy foar.*

Swart en wyt dat is ús kleur,
altiid jout it ús de geast.
Swart en wyt dat is ús kleur,
wy bin' elkenien wol treast.

Bang bin' wy foar nimmen net,
de blik leafst op de toer.
Bang bin' wy foar nimmen net,
en brâne der yn op fol fjoer.

Refr SDS is kampioen

Sitte wy ris yn in dip,
giet it kopke soms wat del.
Sitte wy ris yn in dip,
Lûke wy fuort oan de bel.

Score wy op'nij dy goal,
giet de flagge heech yn top.
Score wy op'nij dy goal,
stiet Easterein wer op syn kop

Refr SDS is kampioen

De Skoalleseize is de grûn,
moatte wy wer oan de bak.
De Skoalleseize is de grûn,
nearne is in better plak.

Yn de stêd op 't plattelân,
rûnom hawwe wy sukses.
Yn de stêd op 't plattelân,
riist de stjer fan SDS.

Refr SDS is kampioen